

It Frysk Boun om Utens siket jo!!

'Friezen yn 'e frjemdte' waarden de Friezen om utens yn earder tiden faak neamd. Sels al wennen se nêst 'e doar yn Drinte, Grinslân of Oerisel.

Dat 'Friezen yn 'e frjemdte' sil no de titel wurde fan in boekwurk, dêr't wy in skiedskriuwing fan de Friezen om utens yn Nederlân en fier dêrbûten fêstlizze wolle.

It giet sadwaande net allinnich om de no noch yn Nederlân besteande 27 kriteren. Ommers allinnich dêre hawwe mei-inoar al op sa'n lytse 70 plakken Fryske kriteren west.

Fier om utens, yn Kanada, de Feriene Steaten, Súd-Afrika, Yndoneesje, Austraalje en wat tichterby yn Dútslân en Ingelân hawwe ek Fryske kriteren west. En faaks noch wol yn mear lannen.

It Frysk Boun om Utens - de oerkoepeling fan 24 Fryske kriteren yn Nederlân - siket no kontakt mei minsken oer de hiele wrâld (Nederlân en it bûtenlân), dy't har helpe kinne oan gegevens fan (eardere) kriteren, of fan oare fermiddens fan Friezen. Benammen gegevens as:

1. nammen, sa mooglik ek fan minsken dy't noch befregede wurde kinne,
2. foto 's,
3. anekdoates,
4. fynplakken fan kriterestikken en of argiven dêr't se opslein binne of wêze kinne.

Sjoch foar fierdere ynformaasje ek ús webside www.fryskbutenfryslan.nl

Hawwe jo ynformaasjes of fragen, nim dan kontakt op mei de skriuwer fan It Frysk Boun om Utens:

Hâns J. Weijer, Witterweg 29, 9421 PE Bovensmilde,

Tillefoan: 0592-412165,

e-mail: skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.nl.